

# It libbet mar amper, roman dy't mei talint skreaun is

Roman: IT LIBBET MAR AMPER. Skriuwer: Durk van der Ploeg  
Utgjeverij B.V. Friese Pers, Ljouwert. Priis f 14,90

Durk van der Ploeg biskriuwt yn dit boek it libben fan in man, dy't troch in forkearsûngelok út syn gewoane libben weislingere wurdt; syn frou is der op slach by dea rekke en as er sels yn it sikehûs bykomt, fornimt er, dat syn ûnderein hielendal forlamme is. Dan bigjint foar him it amper libjen, dêr't de titel fan sprekt, mar dat yn wêzen in fûl dramatysk libben is, in fûle striid op 'e lêste skâns. Soks wer to jaen freget net in bytsje talint en yn 't algemien soe ik sizze, dat Van der Ploeg mei dit boek biwiist, dat er dat talint hat en wit to brûken.

Fansels is it net sa'n fleurich boek, mar fleurige boeken forfele faek gau en dat docht dit boek út noch yn net. Men kin it ek net mistreastich neame: yn de biskriuwing fan de minsken yn 'e sikeseal en yn 'e revalidaasje-ôfdieling komt goed út, hoe taei en sterk de minsklike oanstriid is om ek yn 'e slimste omstannichheden noch hwat fan it libben to meitsjen.

## Libbensmoed

By de haedpersoan, Arend Jongsma, kin dy libbensmoed earst gjin sprekken lije. As de dokter him fortelt, dat syn frou by it ûngelok omkommen is, komt in skuldgefoel opsetten, dat al mar oanboazet en fierder giet as it biseff fan syn skuld oan 'e dea fan syn frou, Addy. Dochs libbet er hwat op, as er mei oaren op 'e sikeseal leit en safier komt, dat er der mei syn buorman Van der Meer oer prate kin. Dy buorman, in polysjeman, wurdt hiel goed tekene yn 'e petearen, dy't er mei Arend Jongsma hat. As er bisiket om Arend mei him oan it skaken to krijen en dy gjin kar dwaen wol út 'e twa hannen, dy't him foarhâlden wurde, wit Van der Meer wol hwat dêr efter sit:

„It libben is kiezen, Jongsma.... It libben is in skaekspul en elk minske docht wolris in forkearde set.... Dou hast in forkearde kar dien, mar dêr kin ik dy net bêst de skuld fan jaen.... — Mar it hat Addy it libben koste. — Hiet se Addy? — Hy knikt — Dat wie dyn kar dochs net, Jongsma?.... Gewoan in black out, Jongsma. Ha wy allegear wol in kear. Mar soms hindert it neat, in oare kear is it fatael.”

Sa binne der mear rake petearen yn it boek, mar ek wol mislearre: de dûmny, dy't op bisyk komt, is tofolle karikatuer

en dêrtroch komt it oer en wer net fierder as in útwikseling fan slachwurden. It gepraet oer en wer tusken Jongsma en Elly, in frommeske, dêr't er earder ris in slipperke mei makke hat, wol my ek net oan.

## Op- en delgong

Dêr steane lykwols gâns positive punten foaroer: it libben fan Arend Jongsma yn it sikehûs, syn tochten op de brankaer nei ûnderskate ôfdielingen, de jounen yn de tv-keamer, it komt allegear knap út 'e ferve. It fornaemste is wol, dat de op- en delgong yn dit libben sa goed wêrjown wurdt: it wer in bytsje hoop krijen en dan wer bilies jaen, de forfrjemding fan it libben bûten it sikehûs (it wykein nei syn dochters thú) en de folsleine forfrjemding yn it revalidaesjesintrum, hwat útrint op bisykjen om der in ein oan to meitsjen. Oan 'e ein fan it boek, as er werom is yn it Liudger Hospitael liket er wer hwat op to libjen. Dan is der wer hoop om dochs noch hwat leafde to finen by in frou.

## Korreksje

Al mei al in boek dat lang net min is, al binne der wol swakke stéen yn. Sa foldie de ynset my mar matich en it soartemint happy-endtsje, dêr't it boek mei bislút, die it by my min. Spitich foar in boek mei safolle goeds. Ien ding moat dizze skriuwer foaral hwat mear wurk fan meitsje en dat is fan syn wurdgebûk. As ik bygelyks lê, dat in man, dy't der folslein helpeleas hinneleit en slim mei syn skuldgefoel ompakt, tinkt: Troch sa'n stomme rotkaert fan Elly (it frameske fan it slipperke) wurd ik konfrontearre mei myn forline, dan siz ik: Dat agoge-wurd past hjir net („black out” en „fatael” fan polysjeman Van der Meer diene it bêst). En as in djip ûnge-





*Durk van der Ploeg*

lokkich man nei in ûndersyk wer op 'e seal brocht wurdt, soene syn meipasjinten dan freegje, hwat se mei him **útfretten** hawwe? Sokke útglieders forsteure de sfear noch alris in kear, to faek foar in skriuwer, dy't oars genôch gefoel foar sfear bliken docht to hawwen.

Lit my bislute mei in komyske noat. De korreksje fan dizze útjefte hie wol hwat mear wurk fan makke wurde kinnen. Binammen by de tiidwurden wiist it faek nuver: hy gûld, hwat er him fortelt hat, as er dreamt hat, hwat der op 'e gong gebeur, hat er leaut, se skoud, mar ek skouwt se. Nou meitsje ik my net sa drok oer sokke dingen en de lêzers sille der ek wol oerhinne lêze, mar docht dizze útjower dat ek?

M. J. de Haan

